



FNP wurkgroep 'Takomst fan Fryslân'

5 **Taljochting by it Fisystik 31 maaie 2013**

Opdracht fan de Wurkgroep

10 It Haadbestjoer sjocht it as needsaaklik dat de FNP in fisy ûntwikkelet op basis fan de kearnwearden fan de FNP, dy't antwurden jout op de ûntwikkelingen fan skaalfergrutting, desintralisaasje, demokratysk en ekonomysk tekoart en it ferlet fan ûntwikkeling op basis fan identiteit en mienskip . De FNP wol dêrmei ta op in sterker, moaier en better Fryslân dat de takomst treast wêze kin.

15 It HB hat foar dizze fierdere fisy-ûntwikkeling in 'Wurkgroep Takomst fan Fryslân' yn it libben roppen dy't antwurd jaan moat op ferskate strategyske fragen, dy't yn in taakopdracht oan de Wurkgroep fêstlein binne.

In fisy op haadlinen foar de lange termyn

20 De wurkgroep presintearret hjir ynearsten in antwurd op de fraach 'Wat wolle wy mei Fryslân?' It giet om in mear ideologyske fisy op haadlinen, in alternatyf en perspektyf foar de lange termyn foar de steatkundige posysje fan Fryslân (plus de gemeenten en it Wetterskip) . Lyksa de takomstige winske ûntwikkeling fan ús provinsje yn regionale, nasjonale en Europeeske kontekst, dy't it wêzen fan ús partij rekket. Yn feite giet it om in neiere útwurking fan de kearnwearden 'federalisme' en 'demokrasj'.

30 De wurkgroep wol mei klam stelle, dat it hjir dus earst om de politike fisy giet. Mear strategyske dielfragen, dy't harren rjochtsje op de partij-organisaasje fan de FNP sels en op de politike ymplementaasje fan de fisy, hearre op in oar plak en tiidstip thús.

Oanlieding foar de fisy: de tekoartkommings fan de ienheidssteat

35 Der binne yn de Nederlânske maatskippij tekoartkommings op demokratysk en ekonomysk mêd. Yn Fryslân, lykas yn oare provinsjes bûten de Rânestêd, jout de ienheidssteat net elk syn gerak en it grutte gemiddelde is op alderhande mêd de noarm. Der is in brede ûnderstream fan 'ûnbehagen' by de kiezers oer dizze tekoartkommings. By gâns lju bestiet hjir ek it gefoel dat der te min romte is foar ûntwikkeling op basis fan identiteit en maatskiplik ferskaat. Unifoarme maatregels fan de ienheidssteat, bedoeld om problemen yn de Rânestêd oan te pakken, wurde sjoen as knellend en hawwe ûnbedoelde negative effekten op saken dy't yn Fryslân as wichtich sjoen wurde. Bygelyks yn it ûnderwiis mei de lytse skoallen, de ûntwikkeling fan it Frysk, it allegeduerigen stribjen fan opienfolgjende kabinetten nei skaalfergrutting yn de soarch, de 40 (semi)oerheidsynstellingen, tige grutte gemeenten en lânsdielen. En as it om de ekonomy giet: it befoarderjen fan ekonomyske spearpunten fan stêdlike gebieten yn de Rânestêd, wêrtroch de ûngelikensens yn it lân hieltyd grutter wurdt. Foar Fryslân hawwe wy it dan ek oer it ynbarren fan de opbringsten fan gas en sâlt, dêr't suver neat oan ynvestearring yn dizze regio tsjinoer stiet. It 45 Ryk wol dat der mega-wynmûneparken komme. Dy bedjerre hjir it lânskip en de winsten geane nei inkele grutte ynvestearders. Sa ûntstiet it byld fan in wingewest.

De FNP kearnwearde Demokrasy

5 Binnen de kearnwearden fan de FNP stiet de demokrasy boppe-oan. De FNP fynt dat de macht oer de oerheid fan it folk is. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer. Besibbe is dêrby it begryp subsidiariteit. Dat wol sizze dat wy de macht en de sizzenskip foar in beskaat ûnderwerp dellizze op it nivo dêr't de minsken der sels it bêste mei rêde kinne. Bygelyks it sosjaal belied dat minsken direkt oangiet, heart by de gemeente thús. As de sizzenskip oer de sosjale wentebou werom giet nei de gemeenterieden, kinne wy wer bouwe nei ferlet, nei aard en skaal fan ús mienskip.

10 Troch mear direkte demokratyske kontrôle kinne wy útwassen bestride dy't troch privatisearring en skaalfargerutting fan publike taken ûntstien binne. Ofstimming en regy fan romtlike saken en regionale ekonomy: dy binne in algemien belang dat útsticht boppe de yndividuele gemeente. Soks heart dan by de Provinsje. It opheffen of feroarjen fan de eigen gemeente of provinsje moat de befolking him útsoarte ek streekrjocht oer útsprekke kinne. Definsje en útlânske saken binne útsoarte taken foar de Steat (langer: de EU).

De FNP kearnwearde Federalisme

20 De twadde kearnwearde fan de FNP is it federalisme. In steatsynrjochting dy't minsken en mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. Yn Europa binne sûnt de oprjochting fan de FNP yn 1962 mar benammen yn de lêste desennia neidat de Europeeske Uny stal krigen hat, tal fan foarbylden dêr't regio's, provinsjes en dielsteaten op basis fan in sterke eigen identiteit in beskate autonomy krigen hawwe, it foech mar ek de middels om in eigen bestean op te bouwen. Der is in dúdlike streaming binnen de EU – dêr't Fryslân ek part fan is – dy't stelt dat de nasjonale steaten binnen de EU op de lange termyn gjin takomst hawwe, en dat it tagiet op in federaal Europa fan de regio's.

30 De federalistyske steatsynrjochting hat binnen de FNP oant no ta noch gjin folsleine útwurking krigen. Der hawwe bewegingen west dy't op dit stuit by eintsjebeslút liede ta de oerdracht fan in stikje foech oer de Fryske taal fan de Steat nei de Provinsje Fryslân. Dat is in beheinde foarm fan wat yn de jierren '70 kulturele autonomy neamd waard. Mar foar it oare, is der net folle feroare. Yn de Steateperioade 2003-2007-2011 hat de FNP Steatefraksje it model fan in Provinsje-plus nei foaren brocht dat mei in nije taakferdieling tusken gemeenten, Provinsje en Wetterskip in antwurd jaan moast op de tendens fan desintralisaasje fan taken fan it Ryk nei de oare oerheden.

40 Mei it fisystik 'Nij perspektyf foar Fryslân' wol de wurkgroep dizze diskusje nije enerzjy jaan.